

Utnûging foar de gearkomste op **sneon 2 febrewaris 2019**, de middeis om 13.30 oere yn it **Oranjehotel**, Stasjonswei 4, 8911 AG Ljouwert (foar it stasjon oer). Seal iepen om ien oere.

Parkeare kinne jo yn de parkeargaraazjes Zaailand en de Klanderij en op it P+R parkearplak Wynhorststrjitte efter it stasjon,

Wurklist, notulist: **Wytse Tjoelker**

1. **Iepenjen**,
2. **Meidielings en ynkommen stikken.**
3. **Genealogyske boeken neilittenskip Henk Zeinstra (1939-2018).**
Sjoch list mei **réaksjetermyn** ensfh. (taheakke)
4. **Ferslach** fan 5 jannewaris (bylage)
5. **De famylje Flapper**, troch: **Nykle Dijkstra** (hjiir njonken)
6. **Omfreegjen**
7. **Sluten**
8. **Skoft**
9. **Plenair petear oer ynbrochte fragen**
10. **Individuele útwiksling fan fragen en fynsten.**

Graach jimme genealogyske mappen, laptops ensfh. meinimme ! Ek selfs soarge foar ferlingsnoeren foar de laptops !

Data 1^e helte 2019: **9 maart** (mienskiplike gearkomste mei NGV), **6 april**, **21 septimber** (mienskiplik reisje mei NGV), **12 oktober** en **2 novimber** en **30 novimber** .


Oant 2 febrewaris, Dr. Jabik van der Bij (skriuwer.)

De famylje Flapper,

boeren en skippers út de omjouwing Boalsert-Heech-Warkum mei in protte omtinken foar de brûkte boarnen.

Troch: **Nykle Dijkstra**

Nykle Dijkstra sil fertelle oer de famylje Flapper út de omjouwing Boalsert-Heech-Warkum. Oan de hân fan 'oral history', kranteberjochten, gerjochterlike stikken, boedelynventarissen en oare boarnen wurdt it ferhaal ferteld fan generaasjes (katolike) boeren yn de Súdwesthoeke. Yn de achttjinde iuw wie der ek in tal skippers yn de famylje dy't fiere reizen makken en te meitsjen krigen mei stoarmen en oarlochssitewaasjes. Oer harren aventoeren wurdt oan de hân fan ferskate maritime boarnen ferteld.



kofskip en fregat (J.K. de Jong)



Nykle Dijkstra (Ljouwert, 1991) studearre skiednis oan de Rijksuniversiteit Groningen en maritime skiednis oan de Universiteit Leiden. Hy wurket no by it Historisch Centrum Leeuwarden. Nykle is ek redakteur fan histoarisk tydskrift 'De Sneuper' en wurke mei oan it boek 'Ver van het front? Friesland en de Friezen in de Eerste Wereldoorlog'.

Belangstellenden binne fan herte wolkom op dizze gearkomste!

Tagong fergees